

Provinciale Staten van de Provincie Fryslân
CDA, mefrou M. Prins en dhr. A. Schelhaas
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 12 febrewaris 2019
Ferstjoerd, **12 FEB. 2019**

Ús merkteken : 01633718
Ôfd/Opjefte : Natuer, wetter en boaiem
Opsteld troch : [REDACTED] / (058) 292 [REDACTED] of [REDACTED]@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Beäntwurdig skriftlike fragen oer it Ynterprovinsjaal Wolveplan

Achte mefrou Prins en hear Schelhaas,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 25 jannewaris 2019, beäntwurdzje wy as neikomt.

Ynliding:

Ein 2018 ferskynde it konsept "Interprovinsiaal Wolvenplan" fan it IPO. Nei oanlieding fan dit konsept hat it kolleezje PS mei it brief fan 6 novimber 2018 ynformearre oer it stânpunt fan DS fan Fryslân, sa as dat ynbrocht wurde soe yn it bestjoerlik oerlis. Op 24 jannewaris 2019 is it wolvenplan fêststeld yn it bestjoer fan it IPO.

It CDA is bliid mei de gelykstelling fan hobbymatige en profesjonele fee-/skieppehâlders.

De ûnrêst ûnder feehâlders, ûnder skieppehâlders yn it bysûnder, mar ek by oare boargers, is der lykwols net minder om. Permaninte fêstiging fan wolven yn Fryslân is dan ek gjin opsje wat de CDA-fraksje oanbelanget.

Op neifolgjende fragen ûntfange wy graach in antwurd fan it kolleezje:

Fraach 1:

De regeling foar skeafergoeding is foarearst foar trije jier. Dat is in koarte perioade. Wêrom is foar dizze termyn keazen? Wannear komt der dúdlikens oer de perioade dêrnei?

Antwurd fraach 1:

Provinsjes wolle graach finger oan de pols hâlde wêr't it giet om de fêstiging fan de wolf en de wurking fan it Ynternasjonaal Wolveplan. De perioade fan trije jier liket dêrby foareast de

meast reële hoarizon. Yn it wolveplan stiet dat dit plan nei dat tiidrek (mids 2022), of safolle earder as bestjoerlik winske wurdt, wer op 'en nij besjoen wurde kin.

Fraach 2:

Yn it wolveplan stiet dat de provinsjes yn de perioade fan trije jier ûnderfining opdwaan kinne mei it treffen fan previntive maatregels. Is it kolleezje fan doel om hjir ek ynfolling oan te jaan? As dat sa is, oan hokker maatregels moatte wy dan tinke? Is it kolleezje noch hieltyd fan betinken dat it net winsklik is om oeral hege stekken om it lân hinne del te setten?

Antwurd fraach 2:

Oer it algemien lykje stekken dy't ûnder stroom steane en hûnen dy't de keppel bewekje effektive maatregels om skiep tsjin oanfallen fan wolven te beskermjen, krekt as it nachts hokjen. Dy maatregels ynsette tsjin oanfallen troch swalkjende wolven hat lykwols net folle doel omdat nea te foarsizzen is oft en wêr't in swalkjende wolf opdûke sil. Dêrom set de provinsje konkreet yn op fergoedzjen fan skea dat troch wolven feroarsake wurdt.

Yn it wolveplan is opnommen dat Provinsjale Steaten de mooglikheid hawwe om by in fêststeld wolveterritorium (dus by in fêstige wolf) in (trijejierrige) pilot útein te setten foar it brûken fan previntive maatregels op grûn fan in gebietsplan. De wolf hat him hjir (noch) net fêstige. Salang't dit net it gefal is, is der gjin reden om mei sa'n pilot útein te setten. Sadree't dat oan 'e oarder is, sil ek besjoen wurde hokker previntive maatregels yn dy spesifike situaasje it bêste tapast wurde kinne.

Fraach 3:

Eltse provinsje is sels ferantwurdlik foar de omgong mei it probleem "wolf". Is it kolleezje fan doel om yn dit stik fan saken gear te wurkjen mei oare provinsjes? Sa net, wêrom net? Sa wol, hoe sjocht dy gearwurking der dan út?

Antwurd fraach 3:

It ynterprovinsjaal wolveplan is in produkt fan de provinsjes mei-inoar en der stiet eftergrûnyn-formaasje oer de wolf en in fisy op gearwurking en kommunikaasje yn. Ek wurdt yngien op skea en previnsje by bisten dy't hâlden wurde. Yn de útwurking is in balâns socht tusken beskermje en beheare. It plan jout dus rjochting oan mienskiplike beliedsútfiering fan provinsjale taken oangeande de wolf. It plan is dêrmei feitlik al in konkrete ynfolling fan gearwurking tusken provinsjes.

Fraach 4:

Yn it brief fan 6 novimber jout it kolleezje oan dat, as de skeafergoedings boppe de € 25.000 it jier útkomme, sy mei it IPO in berop op de minister dwaan wol om ôfskot ta te stean. Wurdt dit stânpunt dield troch de oare provinsjes? Wat wie de reaksje fan it ministearje op dizze ynbring?

Antwurd fraach 4:

Yn ús brief fan 6 novimber 2018 hawwe wy oanjûn dat mocht de skea boppe de € 25.000 komme, wy fia it IPO by it Ministearje oantrune sille op it beheind en regulearre ôfsjitten fan de wolf om skea foar boer en belestingbeteller tusken de perken te hâlden. Dat betsjut dat wy dat fia it IPO ynbringe sadree't it bedrach fan € 25.000 yn 't sicht komt. Omdat dat

bedrach yn Fryslân op it stuit noch net oan 'e oarder is, is dêroer noch gjin stânpunt fan 'e oare provinsjes of in reaksje fan it ministearje frege.

Fraach 5:

Is it kolleezje mei ús fan miening dat Fryslân gjin romte biede mei foar fêstiging fan de wolf? As dat it gefal is, hokker mooglikheden sjocht it kolleezje om tefoaren te kommen dat it út'e hân rint mei de populaasje en de skea oan allerhande fauna yn Fryslân?

Antwurd fraach 5:

De wolf wint yn hiel Europa oan en ferspriedt him hieltyd fierder. Oft en wannear't in wolf him yn Fryslân fêstigje sil, is net te foarsizzen. It feit dat der in mooglikheid is dat dat bart, akseptearje wy as in gefolch fan de tanimmende fersprieding yn Europa. De wolf is boppedat in beskerme bistesoarte en op himsels kin de provinsje tsjin de komst fan de wolf gjin maatregels nimme. It Ynterprovinsjaal Wolveplan biedt mooglikheden om yn te gripen (dêrûnder it deadzjen) as wolven dêr oanlieding ta jouwe.

Fraach 6:


Is it kolleezje ree om de soarch oer it gefaar fan de wolf oer te bringen oan de minister? Is it kolleezje ree om by de minister en yn Europa te pleitsjen foar mear romte om de wolf te bejei-en?

Antwurd fraach 6:

De wolf is op grûn fan de Conventie van Bern en taheakke II en IV fan de Habitatrjochtlíne in strang beskerme bistesoart. Ofsjitte kin allinnich at de wolf in driigjend gefaar foar de folkssûnens of iepenbiere feiligens opsmyt. It Ynterprovinsjaal Wolveplan biedt op it stuit in trochtocht ramt foar it beskermjen én it behear fan swalkjende likegoed as har fêstigjende wolven. Wy sjogge op it stuit gjin oanlieding om by de minister foar fierdergeande maatregels te pleitsjen mar hâlde de finger oangeande de skea wol oan de pols.

Mei rju achtíngje,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



drs. A.A.M. Brok, foarsitter



R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris